

De rykdom fan it ferline

## **Kolofon**

ISBN: 978 94 6365 176 9

1e printinge 2019

© 2019, Reinder Politiek

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Til: 058 - 289 48 57

[www.elikser.nl](http://www.elikser.nl)

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Yllustraasjes: Ids Wiersma

Foto's: Reinder Politiek

Utjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch:

Provinsje Fryslân

Stifting FLMD

Stichting tot Nut

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatysearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouwer.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

# De rykdom fan it ferline

Reinder Politiek





## Inhoud

1.	Foarwurd	7
2.	Alde lânnammen yn Kimswert	13
3.	Aldere mannen op it plattelân	19
4.	De lytse plitdriuwer	24
5.	Koalsied	28
6.	Biten	36
7.	Blaumoannesied	41
8.	De Beanhearre	46
9.	Flaaks en lypsied	48
10.	It âlde terskhús	53
11.	Brantsjestoke	59
12.	Heabroei	61
13.	Aldere gnjirkers	65
14.	De pipegaal en oar ark	70
15.	De sichte	75
16.	De hotte	79
17.	De wetterpomp	82
18.	It leuterhoutsje	86
19.	De wettermûne “De Eendracht”	88
20.	It paad fan in biezem	111
21.	Kramtried	114
22.	De skûle	117
23.	It bûthúsbankje	120
24.	De Zouaaf fan Kimswert	125
25.	Boeren mei in rare rook	128
26.	It Lincolnskiep ûnder de skiepperassen	133
27.	Bargen	137
28.	Keallefange	144
29.	Kij opsette	149
30.	Kij útlitte	152
31.	Mei de ko nei de bolle	155
32.	Bjist	160
33.	’t Sweltsje	162

34.	Jan Joh. Timmer, nijljochter en fisionêr	166
35.	Frjemde beroppen	176
36.	Bûtsikers	181
37.	Dongje	184
38.	Drainearje	189
39.	Rûchskernesljochtsje	192
40.	Groede prykje	194
41.	Halsfuorchjeie	198
42.	De lange jacht	201
43.	Melke	206
44.	Skiepmelke en kealleboarne	210
45.	Mjuksje	214
46.	Reidskarre	216
47.	Lofbrâne	219
48.	Neisykje en bultbeslaan	223
49.	Skytbûtse en reedsljochtsje	226
50.	Dr. Starings Friesche Landbouw-Almanak	228
51.	Himmelje en skrobje	232
52.	Skuorrereagje	236
53.	It rottekleaster	238
54.	Baumiggen, hynstebiters, brimzen en poepen	241
55.	Stikelstekke	245
56.	Unkrûd en sleauwe boeren	247
57.	Ofljochtsje	251
58.	Neiskrift	253

# 1. FOARWURD

## De rykdom fan it ferline (dat nea wer werom komt)

Dizze koarte ferhaaltsjes ha spile yn myn bertedoarp Kimswert. It wie in sobere perioade wêryn't tiid in grutte rol spile, mar dan in tiid dy't strak fêst stie. Fierder wie it libben snoeihurd en dreech. Dy âlde tiid wie noch tradisjoneel en âlderen út dy tiid soene no ferbjustere nei de tiid fan hjoed de dei sjen.

Deistige lûden wiene it ambyld fan de smid en it helder kletterjende lûd fan hoefizers en it ratteljen fan in âld haaiwein oer de klinkerts. Yn it doarp wiene mar trije lúkse auto's, no steane se yn lange rigels troch it hiele doarp. De mânske pleatsen steane der noch, mar meastentiids net mear bewenne troch in boer.



Kimswert yn âlde tiden

Nei de legere skoalle moast ik fan master nei de HBS yn Harns, mar dêr fielde ik my as ferlegen boerejonkje net thús en koe ik

myn slinger net fine. Op in stuit woe ik der net mear hinne. Myn heit, normaal in rêstige man, wie poer en sei: “Ast net mear leare wolst, dan silst oan it wurk”. Hy hat de arbeiders de opdracht jûn om my goed oan te pakken. By himsels tocht hy: dan krijt hy syn nocht wol fan it swiere boerelibben.

Hy hat net gelyk krigen, want ik wie sa dwers as kramtried en liet my net yntimidearje. Ik bin al boer wurden en dêr wie ús heit dochs wol grutsk op.

Myn earste wurk wie stikelstekke. Tige ferfelend, dom en iensum wurk, want heit stjoerde my allinne de greide yn. Dochts wie it ek wol fûl wurk. Op in stuit fielden jo je dêr as in soldaat, dy’t alle kearen in tsjinstanner dea stuts. Wol wie it tige ûntankber wurk; as jo klear wiene, dan koene jo wer opnij begjinne. Stikels binne krekt as luzen, as jo se ien kear ha, reitsje jo se net gau wer kwyt. Nei in pear wike hiene se allegearre de kop al wer boppe de grûn stutsen en wachten wer op de stikelspar.

Underwilens wiene de earte ryp en de arbeiders hiene it sichte en ik moast dan alle dagen dy skeaven omkeare. Nei in wike wiene se drûch en koene se op ruters.

Flak dêrnei koe it flaaks lutsen wurde en moast ik de skeaven bine. Hûnderten skeaven binne der troch myn hannen gongen. De bân dy’t der ûnder lei stiif oanlûke en dan in knekkel lizze. Dy skeaven waarden dan oan stûkjes setten en dêrnei ek op ruters.

Flak dêrnei it nôt. Earst it koarn, dan weet en hjouwer. Wer tûzenen skeaven bine mei in hantsjefol nôthalen. Earst op de ier-ein in knoop of knekkel draaie en dan dy bân yn twaen diele en om de skeaf lûke, sá, dat de knekkel ûnder kaam te lizzen en dan beide einen flink oanlûke en wer mei in knekkel fêstlizze. Soks is min op papier út te lizzen, want jo moatte it eins sjen. Minsken wiene doe tige fernimstich yn it fêstbinen mei ienfâldich materiaal.

Wol wie ik altyd bliid as it trije oere wie, dan wie der tee. Ik moast de kij ophelje en nei hûs driuwe. Nei in healoere moasten de kij yn de jister en dan melke. Dat hie ik gau ûnder de knibbel en krige der sels nocht oan.



Melken is net omraak oan de oeren skuorre, mar jo moasten de molke út it jaar massearje en dan kletsten de earste speten klear en helder yn de izeren amer. Efkes letter brûsden de speten troch in tsjokke laach skom yn de amer. Dat wûnderlik sjongende lûd en dêrby it tige foarsichtich, sêft woldiedich kreunen fan de ko, dy't dan de fûle druk yn syn jaar kwyt rekke. Sa'n bist aktivearre jo om noch better te melken. Dat heimich lûd dat iuwen yn in stâl thúshearde, ferdwûn doe't de melkmasine it wurk oernaam. Ek krige ik nocht oan swier wurkjen. Mei hynders omgean hie ik as jonge earst gjin nocht oan. De arbeiders koene dy bisten út 'e pinne en se wiene allegearre tige krekt. In hynder moast eksakt dwaan wat sy woene en dat die dat bist ek. In hynder wol alles wol, mar de stjoerman moat wol de goede sinjalen jaan. As jo in hynder stjoerden en der kaam yn jo ierappelrêchjes in kronkel, dan wie it hast in halsmisdriuw.

Doe't ik 16 jier wie, mocht ik nei de Middelbare Lânbou Winterskoalle en slagge dêr as de bêste fan de klas, mar ik mocht dêrnei net mei dy sifers nei de Hegere Lânbouskoalle. Myn foaroplieding wie te min. Yn dy tiid wie soks sa fêstlein.

Sadwaande bin ik opgroeid yn in doarp dat totaal ien wie en ferfrissele wie mei it boerelibben. Mar it wie wol in boerelibben sa as myn pake en oerpake ek belibbe hiene. Der wiene noch mar in pear masinen, de meanmasine, de heakearder en geulelûker. Fierder moast alles mei de hân en mei hynder-en-wein.

Yn Kimswert wennen doe tweintich grutte boeren, tweintich lytse, fiifentweintich gnjirkers en tachtich boere-arbeiders. Dy minsken moasten mei har hannen en lea, mei help fan hûnderttweintich hynders it deiske wurk yn drûge en wiete jierren fersetste. No is ien trekker like sterk as dat grutte tal hynders. Foaral yn in stronttrochwiete hjerst wie it dreech om de fruchten út 'e grûn te krijen. In boer skamme him dea foar de oare boeren, as dat net alhiel slagge.

Wat koe yn dy tiid, yn de lette hjerst, as de ierappels en biten einlings oan de bult sieten, in tefreden en tige ryk gefoel troch

jo hinne streame. It wie wer slagge en de stille wintermoannen stiene blier te wachtsjen.

Fierder wiene hjir fiifentritich middenstanners en al dy minsken wiene fan it boerewurk ôfhinklik. De dominy en de bakker en slachter krekt allike goed. Allinne de post en master net, dy wiene de iennichsten dy't fakânsje en ek noch in pensjoen hiene! De winkellju wurken wol net yn de greide en bou, mar se wisten om de donder wol hoe't elk jier de opbringsten wiene. De peteroaljesuteler ferkocht yn in goed jier mear oalje as yn in skraal jier. Yn sa'n jier bleau by de slachter de beurs fan de klanten ek langer ticht.

Yn de rin fan de tiid wie it doarp in ienheid wurden dêr't de boeren it foar it sizzen hiene. Net allinne op harren hiem, mar ek yn de bestjoeren fan in grut tal ferieningen.

As dy boeren fan foar de oarloch no de arbeiders yn moaie auto's riden sjen soenen, soene se dat net leauwe wolle. Yn harren tiid hie in arbeider neat, allinne in âld fyts. Sy hiene net iens betinke kinnen dat ea in arbeider yn in auto ride koe.

It wie lokkich lang net alle dagen wrotten, en de natuer belibben jo elk jier ek wer yn folle gloarje op syn moaist.

Wat hawwe der in protte boere-arbeiders ûnwennich fan dy natuer west, doe't yn de fyftiger jierren de ien nei de oare yn de fabriken telâne kaam. Yn dy stjonkende fabriken misten se de rykdom fan de frije wide natuer, de wiidse wolkeloften mei de blauwe himel en foaral de altyd sâltige suvere seewyn. Hjir stonk it ek wolris, mar net nei gemyske troep. In opkomst fan de sinne op in wynstille moarn as jo ûnder in ko sieten te melken wie foar harren in yllúzje wurden.

De grutste feroaring hat west dat de machtsferhâlding tusken boer en wurknimmer gâns oars wurden is. In grut part fan de boeren wie doe noch hearsker op eigen hiem en sadwaande leine de ferskillen fier út inoar. In part fan de boeren woe amper mei

in arbeider prate, want dy harren tinkbylden wiene yn har eagen gjin spaan wurdich en dan wiene dy arbeiders ek noch sa read as in kraal.

Wat my hjir doe yn Kimswert opfoel, wie dat de arbeider sa'n grut ferantwurdlikheidsgefoel hie. Mei oertsjûging en ferantwurdlikheid ha dy mannen har alle dagen, dei yn dei út mei de hiele lea ynsetten. Frije dagen wiene der amper. As se op 12 maaie ferhuzen, moasten se de moarns noch by de âlde boer melke en de jûns by de nije boer. Allinne de snein tusken de melkerstiden wiene se frij en dan sa'n plichtsbesef, want dat stie heech yn it findel en hat my altyd ferwûndere.

Se hiene net it maklikste plak yn it doarp, want net alle boeren wiene like noflik foar harren folk. Yn tiden dat it reinich waar wie en net ien it fjild yn koe om de biten en ierappels te wjûdzjen, seagen dy boeren dy mannen soms as opfretters, dy't sy troch de tiid helpe moasten! Sokke boeren rekken faak behoarlik waarsiik en dan moast de arbeider dat belije.

Aldere arbeiders wiene yn it ferline soms sa krom as in hispel, faak tige skraal en yn it antlit djippe spoaren en yn de brede, ferwrotten hannen ferskate groeden. Mei moai sêft simmerwaar sjoch ik se noch op klompen, promke of piip yn de mûle, stadich troch de fjilden kroaskjen, wêr't har wurk en libben lei. Soms wiene se oan 'e ein fan har libben totaal útlippe, want der moast wol iten op tafel komme.

Mocht der yn dy tiid ien fan harren njoggentich jier wurde, dan kaam yn it doarp de flagge op 'e toer. Sa'n grutte seldsumheid moast doe oandacht oan bestege wurde. No is soks hast net mear in útsûndering.

De op ien nei grutste feroaring is dat Kimswert gjin boeredoarp mear is. Seis boeren dogge no it wurk mei help fan in leanbedriuw. De middenstân is alhiel ferdwûn en ek de dominy, de post en de skoalmaster, want de skoalle is ticht.

In oar punt is dat myn doarpsgenoaten it ferskil tusken weet, koarn en hjouwer net mear witte. "Op het veld staan wel veel

groene gewassen”, wêrfan’t se de namme net kenne. Se witte net iens wêr’t “havermout” wei komt en ha der ek gjin ynteresse foar. In bolle is een stier wurden!

Dat alles is yn de rin fan ien generaasje foargoed foarby strûpt. De measten ha gjin inkeld oantinken en gjin weet, hoe as it wurk him hjir sechstich jier lyn ôfspile. Soks noasket my soms min en dêrom ha ik wat ferhalen oer it wurk út dy tiid opskreaun. Ek as in soarte fan oantinken, mar foaral út respekt foar al dy generaasjes wrotters en bodders, dy’t alle dagen yn waar en wyn op harren post stiene.

Bylden, geuren, lûden en kleuren út dy tiid jeie soms noch troch myn holle, mar hoe moat ik dy lûden op papier sette, sadat de lêzer ek fielt wat de wurkman doe fiede en wat de wrotters yn minne tiden ûndergean moasten? Faaks binne de bylden en lûden, dy’t my troch de kop doarmje en krieme, wol te magysk en binne der net iens wurden foar. Wolle jo dy tiid op papier sette, dan bliuwt dat by skaden fan de werklikheid; jo moasten dan eins help ha fan in musikus, filmer of dichter.

## 2. ALDE LÂNNAMMEN YN KIMSWERT

Yn myn doarp wiene yn it ferline 600 stikken lân en allegearre hiene se in namme. Hast elkenien yn it doarp koe dy nammen en wist wêr't it stik lân lei. No binne der noch 200 stikken en dy ha meastentiids gjin namme mear. In lânnamme bestie faak út in stikje skiednis en it oantal pûnsmietten. No wit men ek net iens mear wat in pûnsmiet wie. It begrip pûnsmiet wurdt net mear brûkt, mar is ferfongen troch hektare. Ien hektare is rûchwei trije pûnsmiet.



Kaart fan 1860 mei in heap âlde nammen

Inkelde nammen hiene faak in âlde skiednis. Kimswerd hat syn rykdom krigen doe't de âlde Mjenje, in djippe brede slinke dy't oan Boalsert ta rûn, ynpoldere waard. Boalsert wie yn dy tiid in foarname en rike Hânzestêd. De slinke waard yn fazen ynpoldere, krekt sa as de Middelsee. De earste dam mei syl wie de Meanjesyl, by Boalsert. De twadde by Harkesyl. Doe kaam

de daam fan Arum nei Penjum, de Kimswertersyl of Brakepiip en dan by Dyksterbuorren de Bantumersyl. Prachtige sêfte fruchtbere savelgrûn kaam der foar it ljocht. Op it djipste punt fan de Mjenje stiet no noch de âlde poldermûne “De Eendracht” út 1872. Dy mûne hat doe fiif lytse mûnen ferfongen. De stikken lân neist dy mûne hjitte noch de Mjenjes.

Dizze wynmûne hat yn’t lêst fan WO II in grutte rol spile yn ús gebiet. Yn Penjum en om Kimswert hinne draaide op in stuit net ien gemaal mear, omdat se gjin oalje en brânje mear krigen fan de besetter. It lân fan dy boeren kaam splis te stean en soe der ûnder strûpe. Alle dagen seagen de boeren mistreastiger. Wol seagen dy boeren dy âlde mûne alle dagen folop draaien. Wylst se yn it ferline faak laitsje moasten om it âlderwetske gedoch fan dat polderbestjoer. De Penjumer boeren en de boeren fan it wetterskip boppe Kimswert ha doe skruten it bestjoer fan de poldermûne benadere mei de fraach, oft sy har ek skewiele koene. Dat koe en doe ha se manmachtich mei de skeppe nije kanalen groeven en dûkers ûnder de Penjumer Halsbân en de Biddeliersfeart lein en doe koe it oertallige wetter by de mûne komme. Troch nacht en dei der tsjinoan te wrotten hat dy âld mûne dy boeren út de nederklits draaid.

Boppe Kimswert is iuwenlang klaai groeven foar de tichelwurken. Dy makken dakpannen en Fryske gieltsjes. Yn dy grûn siet in protte kalk en dan krije jo giele stiennen. Earst waard mei de skeppe de boppeste laach, de humuslaach, der ôf groeven. Dy grûn smiet men oan hege bulten. Dêrnei koe men twa of trije stek klaai fergrave. Mei pipegalen, lytse kroaden, waard dy grûn ferfierd oer in paad fan planken, de saneamde straal, nei in pream. Letter gong it mei yn in izeren lorry dy’t oer rails rûn en der kaam in hynder foar te rinnen.

Soms waarden dy hege bulten, as de klaai fergroeven wie, net wer sljochte en dan bleau der in raar bulterich stik lân oer. Ien fan dy stikken krige de namme de Reuzengrêven. Oan bern waard ferteld, dat ûnder dy hege bulten grûn yn it ferline reuzen

begroeven wiene. In oar stik mei bulten wie in wyldernis wurden en sa neamde men dat lân dan ek. It wie in tige gaadlik gebiet om der fûgeltsjelân te kreëarjen, it is no in weardefol gebiet wurden foar trekfûgels as guozzen en hûnderten wetterwylpen: it Hege Wiersterfjild. Simmerdei siet it fol ljippen en skriezen. Dy fûgels krigen genôch jongen, mar hjoed de dei wurdt hast net ien mear folwoeksen. Ein maaie wurdt it al stil yn dat gebiet. Foksen en rôffûgels libje dêr as God yn Frankryk.

It tredde stik mei bulten krige syn namme yn de Earste Wrâldkriich. Yn Harns lei yn dy tiid in detasjemint soldaten en dy moasten ek wolris mei harren gewear oefenje. Dat barde faak yn dat stik lân. De soldaten koene har dan ferskûlje, krekt as bern, efter dy bulten. Se krigen in bûsfol losse flodders mei, dêr't se mei poefe mochten. Yn de Dardanellen, by Turkije, wie yn dy tiid fan 1915 in wrede oarloch útbrutsen en dat nijs stie alle dagen grut yn de kranten. As de Kimswerters dy soldaten yn dat stik lân oanienwei knallen hearden, seine se: "It liket hjir de Dardanellen wol". Dat stik lân hjit noch de Dardanellen. Yn dy wrede oarloch binne yn koarte tiid 40.000 tige jonge, ûnbelearde soldaten sinleas omkommen op it skiereilân Gallipoli. Winston Churchill, as minister fan oarloch, wie doe de man dy't efter dat ûnmooglike plan siet. De soldaten dy't net sneuvele wiene, binne dêrnei nei de fronten yn Frankryk stjoerd en hast net ien hat dy striid dêr oerlibbe. As jo de militêre begraafplakken fan Nij-Seelanners besykje, skrikke jo. Der waard hjir wol wat yn de kranten skreaun, mar de echte wierheid is nea ta Nederlân trochkrongen. De measte jonges kamen út Nij-Seelân en Australië. It doel wie om nei twa wiken wer op nei hûs ta en dan hiene jo ris wat belibbe! By ús tsjerke komme regelmjittich Australiërs en ek Nij-Seelanners. As ik har dan freegje: "Ha jimme ek yn Gallipoli west?", dan komme de ferhalen en faak ek de triennen los. Alle famyljes út dy twa lânen ha yn dy domme striid bern ferlern. As jo yn Nij-Seelân komme dan stiet yn elk lyts doarp in machtich monumint mei tsientallen nammen. Dêr binne yn de

two wrâldkrigen folle mear jonge soldaten út dy two lannen om it libben kommen, as hjir.

It stik lân dêrneist hyt De Flokkershoeke en dêrneist De Hillige Trije. Grutter kontrast is der net. Efkes fierder de Ferdolde Five. Ek in stik dêr't klaai út helle is.

It stik bou, it noardeastlikste stik fan Kimswert, krige de namme De Sinsopstân. Yn juny komt dêr moarns de sinne op.

It stik dêrneist is Fredenoarde. Two bruorren wiene dêr ivich deilis as se dêr oan it wurk wiene. Dêrneist leit de Brijpote. Swier lân en as it yn de hjerst wiet wie koene jo der better net wêze en simmerdei is it bonkehurd.

Dêrneist de Stielen trije. Wreed en min lân.

It stee dêr't Grutte Pier wenne, hat de moaie namme de Piere Pôle. Efter it hûs fan Pier is noch in swiere stiennen kanonskûgel fûn en it stik dat dêr neist leit is de Trije Fal. Grutte Pier wie dêr op dat stik lân ris oan it ploegjen, doe't trije soldaten fan de Swarte Heap by him del kamen. Se wiene ûnderweis nei Kimswert, dêr't se wolris mei dy sterke boer wrakselje woene. Se wisten net dat se by Pier stiene en fregen oft hy ek wist wêr't dy sterke boer fan Kimswert wenne. Pier heakke de hynders fan de ploech los, tilde dy mei ien hân omheech, wiisde nei syn pleats en sei mei swiere stim: "Dêr wennet hy en hjir stiet hy". Mei-ien draaide hy him om en sei "Fal!" Op dat stuit leine der trije Dútsers dea foar him op de bou. Hy hat in djip gat groeven en dy mannen bedobbe en is wer fierder gongen mei de ploech. Dat stik lân hyt noch de Trijefal. De terp om it hiem fan Pier is ôfgroeven en de terpgravers ha dêr trije skeletten fûn, mar ha har stilholden, oars kaam harren wurk stil te lizzen. Se fûnen ek gouden riders - dy binne by de goudsmid bedarre - en ek oare goudstikken. Ek in bysûndere fynst wie in byldsje dat snien wie út in hoarn fan in eland of hert. Us dominy Lieftinck hat dat byldsje yn it Frysk museum brocht mar net ien wist wat it wie, oant der by in opgraving yn Londen krekt sa'n byldsje foar it ljocht kaam. Dat wie de Kening fan in skaakspul en doe



blik it byldsje út Kimswert de Dame te wêzen. Wy kinne wol oannimme dat Pier net allinne fochten hat mar ek skake koe!

Oan de oare kant fan it doarp yn it uterste súdwesten leit De Delten. Hjir giet de sinne yn de winter ûnder. Dêr leit ek it Wynlân. De opbringst wie yn it ferline foar de Pastoar syn miswryn. De dyk dêr is de patroansdyk en dy opbringst wie ek foar de pastoar, krekt sa as it stik bou mei de namme de Pastoar. De Laurens trije wie fan de Laurentiustsjerke.

Dan ha wy noch de Spûke seize. Dat stik leit oan de Harnzerfeart. De namme hat it te tankjen oan it regelmjittich opstigen fan in grutte bûl mei gas. As it sterk iis is, is dêr ivich in wek.

Oan de oare kant fan de feart fine wy de Earme five. De opbringst wie foar earme widdowen. De opfeart dêrneist is de Bidlers opfeart. It lêste eintsje wetter fan de âlde Mjenje hiet foarhinne de Bodeleswarder feart. Sa hiet Boalsert doe ek. Ek leit dêr in stik mei de namme de Gouden boaiem, poerbêst lân en efkes fierder fine wy it Poepelân. Hjir hat in skelm yn it ferline in Poep te pakken hân. De namme de Bargekop seit genôch, krekt as de Stienakker, in stik bou dat úttichele wie en letter fol baggerspeesje spuite is.

Súdlik fan it doarp lei in terpke, dêr't yn it ferline rjochtsprutsen wurde koe; it hiet doe de Skrewear. In wear is in rjochtplak. Yn Arum leit de Kromwear en yn Wûns de Wearen. It stik lân derneist hjit it Galgelân. It Papenheim lei oan it oerâlde tsjerkepaad de Papensleane. Dat paad hie ferbining mei de kleasters fan Fryslân. Yn de buert fan de Papensleane lei it stik bou it Eksterlân. Yn Kimswert stiene op de wâlen fan de boulannen in protte hagedoarnen. Lytse, tige âlde strûken. De seewyn liet net ta dat se groeiden. Faak stiene in stikmannich fan dy strûken ferfrissele deun neist inoar. As dy beamkes yn de maitiid bloeiden wie dy skerpe lucht fan dy blommen tige noflik. Dy simpele beamkes wiene de ienliksten dy't de iepen streek wat kleur en fleur joegen. Yn de maitiid en de simmer wiene sokke strûken foar eksters

de ideale beamkes om in nêst yn te meitsjen. As jonges moasten wy ivich de aaien fan sa'n ekster út dy nêsten rôvje en it wie elke kear wer in poepetoer. Dy skerpe toarnen soargen foar fikse bloedspoaren, mar dat hiene wy der foar oer. Yn de hjerst wiene dy strûken flamjend read fan de beien en as de trekfûgels út it noarden lânskamen wie soks in lekker miel foar harren. Yn in pear dagen wiene dy beammen stript.

De ruilferkaveling hat der foar soarge dat hast al dy strûken troch boeren omseage binne en al dy hagedoarnen binne út it fjild ferdwûn. Spitich. Hjir, sa nei oan 'e see, groeie beammen net maklik en dy lytse hagedoarn wie tige warber yn ús fjild. Oan de diken stiet hjir en dêr noch sa'n strûk. It fjild is dea wurden mei nearne in beam. Se ha wat lytse bosken plante, dy't hjir alhiel net thúshearre.

### 3. ALDERE MANNEN OP IT PLATTELÂN

As âldere boere-arbeiders en gnjirkers út it wurk rekken, hiene de measten net genôch sinten foar in hobby of om reizen te meitsjen. Harren fertier lei allinne yn en om it doarp. Sommigen hiene in fearn bou, njoggen are, dy't se brûke mochten fan de tsjerke of de Nutsspaarbank, om griente, earte en ierappels te ferbouwen. Wol moasten se dat noch goed behoffenje kinne, omdat it tasicht skerp wie. Unkrûd mocht dêr net de kâns krije, want dan siet de kat yn de gerdinen. Oare ferbrûkers, mar ek de eigners easken oarder op de fearnen. Sokke mannen hiene simmerdei noch wat om hannen en it levere tagelyk ek noch wat op.

Doedestiids mochten mannen oerdei net yn 'e hûs omspûkje. Se wiene soms mear in stean yn 'e wei en dan wie it better dat se bûten de doar har heil sochten. Efter de foardoar wie de frou de baas. It wie doe suver hast in matriargaal barren, want it opfieden fan de bern hie ommers ek har taak west.

Foar de kofje sieten de measte mannen yn in bûthús te kaartspyljen. It kaartspul dat doe spile waard wie pandoere. In tige yngewikkeld spul mei in stik of tsien farianten. Yn it spul sieten trijeëntritich kaarten. As de kaarten ferdiel waard, kaam ien, nûmer 17, op 'e kop op de tafel te lizzen en dat wie de kykkaart. De man dy't it measte bea mocht dy partij spylje. Hy mocht foar ien sint yn de kykkaart sjen. Naam hy dy kaart oer, dan moast hy ien fan syn eigen kaarten wer op 'e kop op de tafel lizze. Jo moasten it spul beslist mei fjouwer man spylje en as jo in maat keazen wie dat net altyd deselde. De measten hiene in prúmke efter it wang en dêr koene jo moai mei "seine" nei jo kaart-maat. It wie it dreechste kaartspul dat ik ea spile ha. Jo moasten mei in tige hege konsintraasje spylje en in grut ûnthâld ha. It gong der wolris wyld om en ta, want se spilen om reade sinten en healtsjes. Om klokslach njoggen oere stoppen se want se moasten op oere en tiid kofjedrinke. De frou hie dan ek de kofje klear stean as se thúskamen.

As it goed waar wie, sette se nei de kofje ôf nei de Smidshoeke. Dêr stiene in pear lange banken foar dizze mannen, mar as it gaadlik waar wie, sette dyjinge dy't noch goed geandefoet koe, mei wat maten op klompen foar in kuierke in âlde lânreed yn. Men rûn net hurd want elkenien moast it tempo byhâlde kinne.



De Smidshoeke

It praat gong faak oer de earste mobilisaasje fan 1914 oant 1918; se hiene allegearre fjouwer, en sommigen fiif jier ûnder de wapens west. De measten leine yn de Peel by de Belgyske grins en dy tiid hie fan harren mannen makke mei útsûnderlike ferhalen. Nea hawwe se nei de tiid wer safier fan hûs west. Allinne mei it âlden-fan-dagenreiske kamen se nochris bûten de provinsje.

Dy tocht moast yn dy tiid troch ien fan ús nije polders gean. As se dêr oankamen seagen se harren de eagen út de kop en bearden se oer de stân fan ierappels, nôt en biten. De ferskuorrend grutte stikken lân griisden harren lykwols oan. As jo op knibbels fan ein ta ein ierappelsykje moasten, moast der grif op de rêch in